



## GERS

IT WAAR HJOED:



DE DATUM:


**Juny is in goeie moanne om bûten nei gers te sjen.  
Dan bloeit it en sjochst dat der in hiele soad soarten  
binne. Want gers groeit oeral. Sels tusken de tegels  
fan de stoepe.**

## WAT HAST NEDICH?

- Underlisplaat
- Ilestykje
- Potlead
- Tsjok boek
- Wc-papier
- Lym
- Stik papier

A.

Sjoch op 'e strjitte en gean nei in plak  
dêr't in soad rûn wurdt.  
Sykje gers dat plat tusken  
de stiennen groeit.  
Fûn?  
Dan hast strjitgers ûntdutsen.



B.

No silst strjitgers besjen dêr't in bytsje rûn wurdt.  
Dêr groeit it gers **LEGER / HEGER**.  
Sjoch hoe't it strjitgers bloeit.  
Plôkje in bloeiend stâltsje om mei te nimmen.  
Drûgje it in wike tusken wc-papier yn in boek.  
Plak it hjirnjonken. >

C.

Is der gers yn 'e buert dat in soad meand wurdt?  
Sykje dêr dan ek ris nei strjitgers.  
Werkenst it fêst wol oan de bloeiende plommen.  
Ik tink dat strjitgers in pear **DAGEN / WIKEN / MOANNEN**  
nei it meanen wer bloeit.


D.

Sykje no in plak dêr't it gers noch net meand is.  
Hoefolle soarten gers bloeie hjir?

# DOCHBLÊD



Gers bloeit mei in ier of mei in plom.  
By in ier sitte de blomkes oan koarte stâltsjes of tsjin de stâle.  
By in plom groeie de blomkes oan lange stâltsjes.




ier

E.

It measte gers dat ik stean sjoch, bloeit mei in IER / PLOM.

F.

Fiel oan de blêden fan ferskillende soarten gers.  
Wat falt dy op?



plom

G.

Sjoch ek ris hoe't de blêden oan de stâle sitte.  
Dat is net oeral itselde. Bûch foarsichtich in bledsje nei ûnderen.  
Wat fynst op it plak dêr't it blêd oan de stâle sit?

H.

Fiif bekende soarten gers.  
Set in krúske by it gers  
datst groeien sjochst



I.

Plôkje fan ferskillende soarten gers in bloeiende stâle.  
Drûgje de stâlen en plak se op in stik papier.